

TUSKEN TSJERKE EN KROECH 9 2020 - sneon 4 april 2020

Wy binne drok dwaande mei de omballingen foar de njoggende edysje fan Tusken Tsjerke en Kroech en dêr kinne wy altiten noch wol wat help by brûke! Wy hawwe noch te min itensierders! Fansels, it sieden fan in miel waarm iten foar in tsiental minsken is net itselde as it bakken fan in aai, mar it soe moai wêze as der noch wat mear minsken harren hjir foar opjaan soene. Yn maart ferkeapje wy ek wer ús fertroude pûdsje mei sûkelade-peaskeaaikes, wy hoopje dat wy se wer flot ferkeapje meie!

De start fan TTeK is as fan âlds yn'e tsjerke, mei in optreden fan **Popkoar Blinder**, 24 enthousiaste froulju út Littens en omkriten ûnder lieding fan Baukje Hoogstins, dy't foar ús in program bringe fan pop-, musical- en jazz-lietsjes, mei begelieding fan piano, gitaar en contrabas.

Nei it waarme miel yn de Wjukken begjint in eigenlike program. Sa as wenst binne der wer trije rûtes wêr't jim út kieze kinne, yn elke rûte sit genôch ferskaat en ek dit jier besykje wy wer wat nije dingen:

Giele rûte

1. Bennie Huisman:

De yn Fryslân bekende troubadoer/lietsjeskriuwer/ferhaleferteller hoecht winliken gjin yntroduksje mear!



2. Podcast:

Wit jo wol wat dat is, in podcast? Undergean it, en hear it ferhaal fan dokter Haima syn 11 stêdentocht. In wintersk aventoer, fersoarge troch de Iisklub fan Jorwert.

3. Willie Zeldenrust:

is troud mei in skipper en hellet út dy wrâld in part fan har ynspiraasje foar har ferhalen.

Reade rûte

1. Samowar:

Rob Mangus mei syn muzikale freonen Sina Keuning (sang), Geppy Haarsma (accordeon), en Ellen Kuipers (contrabas) foarmje de muzykgroep Samowar (in Russyske teetsjettel en sy bringe in program mei jiddiyske muzyk, siz mar klezmer-muzyk. Mar se sjonge ek yn it Ladino.

2. Ate de Jong:

Op it eardere gemeentehûs fan Baarderadiel, hâldt Ate de Jong in bysûndere foardracht. ûnder mear oer wat hjir yn de 2^e Wraldoarloch foarfallen is.



3. Marleen Zweers & Liuwe van der Meer:

bringe in program mei gevoelige, sentimentele en soms ûndogense lieten fan Mozart foar sopraan en fortepiano.

Griene rûte

1. Ienakter Wiuwert/Britswert:

6 jeugdleden (14-18 jier) fan Tonielferiening Vriendenkring Wiuwert/Britswert spylje de fleurige ienakter **It Priisknyn**. No ja, fleurich? Wêr is Harry syn kampioen-Flaamske reus eins keard?

2. Egbert van der Werff:

As frontman/singer/songwriter fan'e gitaarband William Seen's Transport Music hat ek by it jubileum fan De Wjukken ús fermakke; by TTeK sil him dat grif ek wer slagje!



3. Picture Poems:

Tresoar en it Frysk Filmargyf hawwe, yn gearwurking mei de filmmakker Johan van Ooijen, tolve Fryske gedichten ynsprekke litten en dêrby filmbylden meitsje litten.

Nei ôfrin, sa as wenst om in oere of tsien, sitte wy wer gesellich nei yn de Wjukken.

*Jimme kinne yn it foar kaarten bestelle fia de mail, frisia1874@gmail.com of oer de tillefoan, op nûmer **058- 2504321** (op freed 20 maart en freed 27 maart, tusken 19.00 en 20.00 oere, by Mieke Peenstra) De kaarten kinne dan ôfhelle wurde tusken 16.30 en 17.00 oere op'e dei sels yn'e tsjerke. De kaarten kostje foar net-leden € 15 / foar leden fan Frisia1874 € 5,-*

Jimme kinne ús ek "like" op Facebook/Frisia1874!

It bestjoer fan Frisia1874

